

Antwurden Staveringsopdracht A 20 septimber 2014

A. De algemiene regel is: skriuwe wat der sein wurdt.

Utsûnderings binne:

- 't, 'e, 'n ynstee fan it, de, in of oarsom.
- bij ynstee fan by (r. 1) en ferlykbere gefallen.
- wienen ynstee fan wiene (r. 3) en ferlykbere gefallen.

As ien flater wurdt rekkene:

- yn 't algemien alle staveringsflaters
- it net of ferkeard brûken fan skerp- en breedtekens
- de stipkes op 'e ij dêr't dat beslist moat
- it skrapke yn wurden lykas dy't
- foarmen dy't wol goed Frysk binne, mar net yn 'e tekst steane
- it ferjitten fan in wurd.

As kwart flater wurdt rekkene:

- it al of net oaninoar skriuwen fan wurden, dêr't dat beslist ferkeard is.
- it ferkeard brûken fan oanheltekens, dûbelpunten, lytse letters of haadletters.

Net rekkene wurdt:

- it ferkeard brûken fan (punt-)komma's.
- itselde wurd of deselde foarm twa kear ferkeard, it twa kear ferkeard brûken fan oanheltekens, lytse letters of haadletters. Al dy gefallen wurde mar ien kear rekkene.
- te min / tefolle spaasje yn gefallen as dy't en yn 'e.
- twa flaters yn ien wurd wurde ien kear rekkene.

By A wurdt útgien fan in noarm fan twa flaters de punt. Mocht dêr oanlieding ta wêze, dan kin de Eksamenkommisje dêrfan ôfwike.

B. *Ien punt foar elk goed antwurd. Mei-inoar 16 punten.*

1.	c	5.	a	9.	b	13.	a
2.	b	6.	c	10.	a	14.	b
3.	c	7.	b	11.	c	15.	c
4.	b	8.	c	12.	a	16.	A

By B wurdt útgien fan in noarm fan 75% goed (= 12 punten) is in foldwaande (5,5). Mocht dêr oanlieding ta wêze, dan kin de Eksamenkommisje dêrfan ôfwike.

C. *Ien punt foar eltse goede ferbettering. As fetprinte wurden feroare wurde, krije jo dêr gjin punten foar (b.g. 'akteurs' yn sin 5 wurdt: toanielspilers), ek al binne se goed skreaun. As net-fetprinte wurden feroare wurde (b.g. 'ferlitten yn sin 3 wurdt: útstoarn), wurde allinnich punten ôflutsen as de nije wurden ek ferkeard skreaun wurde. Sjoch ûnder A foar it berekkenjen fan oare flaters.*

1. **Animaasjekeunstner** (1) Siebe de Boer makket koarte films **dy't** (1) **spoekeftich** (1) leaflik binne.
2. Yn syn films lit er ús **sweve** (1) troch **kompjûtermodellen** (1) fan nachtlke **stêden** (1) en tsjustere **útbuorrens** (1).
3. Krekt as yn syn **neiboude** (1) **hûs** (1), in grapke foar himsels, is it dêr **meastal** (1) ferlitten.
4. Yn lange **kamerabewegingen** (1) lit er dy troch **stasjons** (1) fleane en oer strjitten dêr't gjin **minske** (1) te sjen is.
5. **Technyk** (1), **arsjitektuer** (1) en ljochtfal **spylje** (1) yn syn wurk faak de haadrol, lykas yn syn **fideoklips** (1) foar **muzykprogramma's** (1) op televyzje.
6. Siebe **siket** (1) hieltiten wer nei **situaasjes** (1) dy't in gefoel fan **ûnwennigens** (1) oproppe.
7. By syn **nijste** (1) projekt is er dwaande om **ymposante** (1) sets fan **filmklassikers** (1) nei te bouwen, mar dan sûnder **akteurs** (1) deryn.

By C wurdt útgien fan in noarm fan 70% goed (= 17,5 punten) is in foldwaande (5,5). Mocht dêr oanlieding ta wêze, dan kin de Eksamenkommisje dêrfan ôfwike.

De trije sifers foar A, B en C wurde middele ta ien einsifer foar it ûnderdiel staveringsopdracht.